

Liuwe H. Westra

gebed

Heare,
Almachtige en goede God,

Wy tankje Jo
dat Jo ús hjir yn frede en sûnens by elkoar bringe,
dat Jo ús sparre hawwe foar rampen en slim ferlies,
dat wy mei elkoar laitsje kinne en genietsje,
bliid om elkoar, bliid om alles dat Jo ús jouwe.

Wy bidde Jo:
bewarje ús meiinoar it kommende jier,
jou ús krêft om te dragen wat wy te dragen krije,
jou ús as gemeente de moed om troch te gear
mei it ferkundigjen fan jo leafde,
jou ús as doarpen de krêft
om der foar elkoar te wêzen en it goede te sykjen.

Wês mei alle minsken
dy't de ôfrûne nacht slachtoffer wurden binne
fan it geweld fan Ald en Nij.
Wês mei alle minsken
dy't hjoed ûnderweis binne nei femylje, freonen of tsjerke.

Wês mei ús fan 'e moarn
en jou ús in goed begjin,
fol waarmte en wiisheid,
mienskip en moetsjen.
Lit ús harkje nei jo Wurd,
lit ús sjonge fan jo leafde
en jou ús it betrouwen
dat Jo ek dit jier
wer mei ús geane.

Sa bidde wy Jo,
yn Jezus' namme,
Amen.

meditaasje (oer Psalm 92)

Wy sitte hjir mei gemingde gefoelens. Bliid om elkoar te sjen, en hooplik fleurich. Mar
meskien ek wol teloarsteld, dat der net mear binne. Of mei it gefoel dat in
nijjiersmoarnsbyienkomst yn tsjerke net mear fan dizze tiid is.

Gemingde gevoelens hearre by minsken, hearre by de minsken yn tsjerke. Sa komme wy hjir, altyd. Mei ús blydskip, mei ús ferwachtings. Hielendal op nijjiersmoarn. Mar ek mei ús eangsten, mei min nijs dat meigiet dit nije jier yn. Mei ús krêft, en mei ús swakheid. Dat is fan minske op minske ferskillend. Dat is foar elk minske fan snein op snein ferskillend. Dat is binnenyn elk fan ús op dit momint ek ferskillend. Wy nimme fan alles mei yn ús hert, en sa sitte wy hjir.

Apart dat dêr yn dy psalm gjin spoar fan te finen liket! Alles is dêr posityf, op in manier sa't wy it net sizze kinne. Sa is it ek faak yn ús lieten: wat wy sjonge stiet soms in hiel ein ôf fan hoe't wy binne en hoe't wy ús fiele. En dat dus al 2000, 3000 jier, want sa âld is dit gedicht.

Dy dichter hat fansels ek in minske fan fleis en bloed west, yn in mingd bestean, mei moai en mâl, wille en pine. Dochs fine wy dêr neat fan werom. Of hast neat: hy hat al fijannen. En dy fijannen binne de figueren yn wa't syn eangsten en ûnwissichheden en dingen dêr't er lêst fan hat beneamd wurde. De fijannen, dat is alles wat jins libben fernielt. Dat hoege net perfoarst minsken te wêzen. Dat binne ek dingen, sitewaasjes, swakheden. Op jins paad, of yn jinsels.

En de dichter jubelt, omdat er it betrouwen hat dat al dy fijannen, alle aaklikheid yn syn libben, troch God ferslein wurdt. De minske dy't leaut hat de krêft net om se te ferslaan, hy krijt de krêft.

De jubel en de freugde yn tsjerke binne net goedkeap en koartsichtich. Wy sitte hjir net as minsken dy't miene dat se it libben en de wrâld yn 'e bûse hawwe. Mar wy hâlde it betrouwen fêst, soms allinnich mar troch in liet, dat God rjocht dwaan sil oan alles wat ús pleaget, yn en bûten ússels. En dat ús takomst hearlik is.

Wy meie ússels ferlykje mei palmbeammen en seders. Dat binne beammen, dy groeie net hurd. Dêr geane jierren en jierren oerhinne. Laachje foar laachje wurdt om de stamme lein, ring nei ring, jier nei jier, en stadichjesoan krijt de beam de hichte. Dêrfoar komme wy yn tsjerke, ek dizze moarn, ek dit jier. Om te oefenjen yn betrouwen, om freugde yn te sjongen. Om wer in stikje fijânskip efter ús te litten. Om wer in eintsje te waaksen nei it ljocht.